

Amendement

(ex art. 70 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Ynsidintele mutaasjes

Dit amendement heart by : Perspektyfnota 2024

Yn de iepenbiere gearkomste fan : 18 july 2024

De folgjende riedsleden tsjinje in oanpassing op it útstel yn:

Ate Eijer , FNP

Dimph van Ruth, SP

Age Hartsuiker, HL



Stelt foar om it foarstelde beslút te wizigjen:

1. No noch gjin beslút te nimmen oer de ynsidintele oanfragen foar Museum Belvédère, it eveneminteburo en de regiomarketing, de bestjoersoerienkomst De Fryske Marren, It belied bioferskaat en it Gebietsperspektyf Oranjewâld.
2. Dizze oanfragen mei te nimmen by de ôfwagingen by it fêststellen fan de begrutting 2025.

Taljochting:

It finansjeel perspektyf fan de gemeente liket net sa goed.

Reden om te ûndersykjen op hokker belied der ombûgingen trochfiert wurde kinne. Tagelyk wurdt der oan de ried foar lein om wol yn te stimmen mei bepaalde ynsidintele oanfragen. It is mar de fraach oft in oantal fan dizze oanfragen op dit momint needsaaklik binne. Dit giet dan om de oanfragen foar:

- Museum Belvédère,
- it eveneminteburo en de regiomarketing,
- de bestjoersoerienkomst De Fryske Marren
- it belied bioferskaat.
- Gebietsperspektyf Oranjewâld

Beslút:

Beslispunt 1 sa oan te passen:

De Perspektiefnota 2024 fêst te stellen mei de folgjende wizinging:

1. No noch gjin beslút te nimmen oer de ynsidintele oanfragen foar Museum Belvédère, it eveneminteburo en de regiomarketing, de bestjoersoerienkomst De Fryske Marren, It belied bioferskaat en it Gebietsperspektyf Oranjewâld,
 2. Dizze oanfragen mei te nimmen by de ôfwagingen by it fêststellen fan de begrutting 2025.
-

Dit amendemint is:

☐ Oannommen

☐ Fersmiten

☐ Ynlutsen

Stimferhâlding:

.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):

.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

Hântekening griffier: